



de Earn

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 11, nûmer 42, desimber 2008

It kwea as macht en as realiteit'

Lêze: Genesis 2:15-17; 3:1-20; Markus 10:35-45.

As wy it ha wolle oer it kwea as macht en as realiteit, dan moatte wy foar myn gefoel begjinne by Genesis 2 en 3. Want dêr lêze wy it earste bibelferhaal dat giet oer it ferskynsel fan it kwea. De betsjutting fan it ferhaal is net sa maklik út te lizzen. It is in hiel djipsinnich ferhaal, in ferhaal mei djippe grûnen, mar it bliuwt in ferhaal mei riedsels. Mar yn elts gefal wurdt dêr besocht om yn ferhaalfoarm in antwurd te jaan op in stikmannich hiele pynlike fragen fan it minsklik bestean: Wêr komt it kwea wei? Hat God it kwea skepen. Of is de minske de oarsaak fan it kwea?

It sil dúdlik wêze, dat wy yn Genesis 2 en 3 net sa bot te meitsjen hawwe mei in histoarysk ferhaal (sa fan yn dat jier, op dy datum en sa let doe barden dizze dingen), mar mei in learferhaal. In soartemint fan oerferhaal, dat besykje wol om in djippe wierheid oangeande minske en minskewêzen bleat te lizzen. En dêrmei is it in ferhaal dat giet oer alle minsken. En dêrmei is it dochs wer in 'histoarysk' ferhaal.

Der wurdt ferteld, dat God de Hear de minske naam en him in plak joech yn de Hof fan Eden om dy te beâarbeidzjen en om derop te passen. En dan seit Er: alle beammen fan de hof meist frij fan ite, mar fan de beam om te witten fan goed en kwea, dêr meist net fan ite. Want de deis datst dêr fan ytst, silst grif stjerre.

Dy Hof fan Eden, dat liket in byld te wêzen fan in paradyslike tastân, in folsleine harmonije. Der is harmonije tusken de minske en de natoer, harmonije tusken de minske en God de Hear dy't him skepen hat.

Mar der is yn it ferhaal ien beam dêr't de minske fan ôf bliuwe moat.

Wy krije it idee dat it sizze wol, dat de minske syn

plak witte moat yn dat gehiel. It plak dat him tawiisd is en dat er krige hat. De Hof fan Eden, dat is syn plak. En hy hat de opdracht krige om dy te beâarbeidzjen en derop te passen. De minske is de brûker. Mar de minske is net de eigner fan dy Hof. Want it ferhaal seit dat der ien beam is dêr't de minske perfoarst fan ôfbliuwe moat: de beam om te witten fan goed en kwea.

Der is in hiele aardige útlis fan de reden wêrom oft dy beam dêr stiet. Yn it âlde easten stie yn eltse wyngerd dy't ferhierd waard sa'n beam. Dat wie de beam fan de eigner, dêr't de hierder fan ôfbliuwe moast. Sa faak as de hierder dy beam seach, dan waard him wer yn it sin brocht: Tink derom, do bist net de eigner fan dit lân. Do meist it brûke, meist derfan bestean, mar do moatst dyn plak wol witte. Dat is in moaie útlis.

De stim yn de minske

Genesis 3 wol dúdlik meitsje dat hjir no krekt it probleem leit. Want der is noch in oare stim. En alwer yn ferhaalfoarm wurdt dúdlik makke, hokfoar stim oft dat is.

'Is it wier' seit de slange tsjin Eva, 'dat jim fan gjinien fan de beammen yn dizze Hof ite meie?' En de frou seit: 'Wy meie ite fan alle beammen, allinne fan dy iene fansels net. Oars sille wy stjerre'.

De slange wer: 'Jim sille net stjerre, mar God wit wol dat de deis dat jim dêrfan ite, jim de eagen iepengean sille en dat jim lykas God wêze sille en weet hawwe fan goed en kwea'. Dan docht bliken dat sawol de man as de frou de ferlieding net langer de baas binne. Hja ite fan de fruchten fan de ferbeane beam. De eagen gean har dan iepen en hja ûntdekke dat se neaken binne.

Der is hiel wat oer dit ferhaal te sizzen, mar wat ik nei foaren helje wol is de gedachte, dat de minske blykber gjin wjerstân biede kin oan de ferlieding om te wêzen lykas God. Hy wol sels baas wêze oer goed en kwea. En ynstee fan te

Foar alle ynformaasje oer it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld en de Earnewâldster Rûnte, tsjerketsjinsten, preken, ynformaasje út de Earn ensfh. sjoch op: www.fowe.org

Preekrige

Tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke. As by mienskiplike tsjinsten Herf. stiet, binne se yn 'e Herfoarme tsjerke. Griff. betsjut yn 'e Griffomearde tsjerke.

7 desimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
14 desimber	9.30 oere	Ds. F. de Jong, Drachten	NL tsjinst, mienskiplik, Griff. tsjerke
17 desimber	18.30 oere	Krystfeest foar de bern	Griffomearde tsjerke
21 desimber	9.30 oere	Frou M. Gort, Earnewâld	NL tsjinst; mienskiplik, Griff. tsjerke
24 desimber	22.00 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Krystnachttsjinst, Herf. tsjerke
25 desimber	9.30 oere	Ds. K. van Wieren, Drachten	NL tsjinst; mienskiplik, Griff. tsjerke (tongersdei, 1 ^e krystdei)
25 desimber	19.30 oere		Krysttsjinst foar de bern, yn 'e Griff. Tsjerke, mienskiplik
28 desimber	9.30 oere	Frou I. Bouwhuis-Minnema, De Jouwer	Fryske tsjinst, mienskiplik yn 'e Herf. Tsjerke
31 desimber	19.00 oere	Ds. G. Postma, Wâlterswâld	Aldjiersjûn; Hollânske tsjinst mienskiplik yn 'e Herf. Tsjerke
4 jannewaris	9.30 oere	Ds H. Boswijk, Snits	NL tsjinst; mienskiplik, Griff. tsjerke
11 jannewaris	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
18 jannewaris	9.30 oere	koar de Lofstim, kofjedrinken	
25 jannewaris	9.30 oere	Ds. G. van Wieren, Twizelerheide	Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke
1 febrewaris	9.30 oere	Ds. D. Wiersma, Driezum	Fryske tsjinst, mienskiplik, Herf.
8 febrewaris	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
15 febrewaris	9.30 oere	Da. Gulik-Renooy, Drachten	NL tsjinst; mienskiplik, Griff. tsjerke
22 febrewaris	9.30 oere	Frou Tinga-Bosma, Grins	Fryske tsjinst; mienskiplik, Herf.
		Ds. G. Postma	NL tsjinst; mienskiplik, Griff. tsjerke
22 febrewaris	16.00 oere	Wâlterswâld	
		Program oer 'Wurden fan de Berch' fan Hindrik v/d Meer	
1 maart	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
8 maart	9.30 oere	Ds. C.W. Kempenaar, Drachten	Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke
11 maart	19.30 oere	Ds. G. van Wieren, Twizelerheide	NL tsjinst; mienskiplik, Griff. tsjerke (Biddei foar gewaaks en arbeid)
15 maart	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, mienskiplik, Herf.
22 maart	9.30 oere	Frou de Vries-Martini, Drachten	NL tsjinst; mienskiplik, Griff. tsjerke
29 maart	9.30 oere	Dhr. L. Durkz, Grins	Fryske tsjinst, mienskiplik, Herf.
5 april	9.30 oere	noch net definityf bekend	Frysk Oekumenysk Wurkferbân

Winterwurk

De earste praatjûn wie op 10 novimber en gong ek oer it kwea. De folgjende jûn sil wêze op moandei 19 jannewaris de jûns om 8 oere yn de konsistoarje. Nije dielnimmers wurde fersocht har op te jaan fia till. 06-20 60 04 09

Muzyk en kofjedrinken 11 jannewaris

De tsjinst fan 11 jannewaris o.s. sil opfleure wurde troch it jim wolbekende koar de Lofstim út le ûnder lieding fan Jaep Meems Nei dizze tsjinst drinke wy meiïnoar in bakje kofje yn de Herfoarme konsistoarje.

Kopijdatum

Kopij foar it folgjende nûmer fan 'e *Earu* moat ynlevere wurde **foar 10 febrewaris 2009**.

Krystnachttsjinst

Yn de Krystnachttsjinst sil de de meditaasje hâlden wurde troch ds. Klooster. Muzikale meiwurking is der fan:

Marie Hoogterp-Veenstra, dwersfluit en Pieter Herder, oargel.

De tsjinst begjint om 10 oere jûns.

Earnewâldster Rûnte

De folgjende lêzingen sille wêze op tiisdei 9 desimber (E.H. van Olst), tiisdei 13 jannewaris 2009 (H.G. Posthumus) en op tiisdei 24 maart 2009 (B.K. Dertien).

In koart ferslach fan de lêzing fan Dr. Laenen stiet op side 7.

harkjen nei de geboaden, de warskôgings fan God, wol er sels útmeitsje wat er docht. Dit is fansels in Joadsk ferhaal. En foar de Israëlyt komt it derop oan om te libjen neffens de geboaden fan de Tora, de regels foar it libben dy't God ús oplein hat. As minsken harsels dêrboppe ferheven achtsje en sels wol útmeitsje sille wat se dwaan en litte sille, ja wêr bedarje wy dan?

Der Wille zur Macht

De woartel fan it kwea is yn dit bibelferhaal dus de langst fan de minske om oan God gelyk te wêzen en net te bûgen foar syn gesach. Nee, de minske harket leaver nei dy oare stim, de stim fan de ferlieder, dy't seit: 'Dy godlike geboaden, wat soe it? Kom, wês in keardel! Do bist dyn eigen baas! Lykas God!' En as de minske tajout oan dy ferlieding, seit it ferhaal, dan giet it ferkeard. De minske ferfrjemdet fan God, seit it ferhaal. Mar dat net allinne: hy ferfrjemdet ek fan de minsken om him hinne. Om te begjinnen fan de frou dy't neist him stiet, hy ferfrjemdet fan God, mar hy ferfrjemdet ek fan de oare minsken (sjoch Genesis 4). En ik soe der oan taheakje wolle: hy ferfrjemdet ek fan himsels. Hy wit syn plak net mear, ken himsels net mear en hat himsels ek net mear yn de hân.

Men kin jin ôffreegje: Wa is hjir de skuldige? Wêr wie God op dat stuit? Seach dy efkes de oare kant út? Wêrom hat dy net yngrepen? Wêr kaam dy pratende slange wei? Wie dat ek in godlik skepsel? Wie it kwea der dan dochs earder as de minske? En hat God dan tagelyk mei dy slange ek it kwea skepen?

Hat God de minske dan sa skepen, dat er net tsjin de ferlieding fan it kwea opwoeksen wie? Dat binne allegearre fragen dy't net beäntwurde wurde yn dit ferhaal. Dat komt om't it kwea sa'n freeslik kompleks ferskynsel is, net te gripen en net te begripen. Ik haw dan ek it idee dat de âlde Israëlitien mei dizze problematyk wraksele hawwe, sûnder der echt út te kommen.

Mar ien gedachte wurdt yn dit ferhaal wol nei foaren helle: de minske is de oarsaak fan it kwea, hieltiten wer.

Hy kin him net ferskûlje efter it needlot. Ek net efter godlike beskikking, wêtroch oft er net oars koe as dwaan wat er dien hat. Nee, de minske draacht sels de ferantwurdlikens foar syn dieden. Hy kin om samar te sizzen ek 'nee' sizze tsjin de ferliedlike stimme fan de slange. It is de minske sels dy't kiest. En dêr is er dan ek op oan te sprekken.

Wat is de grutste sûnde fan de minske, neffens Genesis 3?

It antwurd is: dat er wêze wol lykas God. De minske wol grut en machtich wêze en ferheven wêze boppe de regels fan goed en kwea, de etyske noarmen fan de Tora. Foar de sûndige minske jildt om samar te sizzen it rjocht fan de machtichste, it rjocht fan de sterkste.

De 19^e ieuske filosoof Friedrich Nietzsche hat skreaun oer *Der Wille zur Macht*. Macht is wat minsken driuwt. Dat is in djippe wierheid. Want yn de hiele maatskiplike en politike romte giet it om macht. Macht, sizzenskip en ynfloed. Wa is de baas? Wa dielt de lekkens út. It giet om macht en om jild, want jild betsjut macht.



Minsken: slaven fan de macht?

Wy kinne om ús hinne sjen wat macht mei minsken docht. It feroaret minsken en meastentiids net yn har foardiel. In bekende siswize seit, dat macht korrump makket. Dat is wier. Macht makket ek arrogant, leech tinkend nei oaren ta, dy't yn in swakkere posysje sitte. Macht moat men hanthavenje. En sa wurde oaren in bedriging foar jin. Macht moat men dus ferdigenje. Guon moat men mei dat doel foar eagen te freon hâlde om jins posysje feilich te stellen. Mar as men dyselden net langer brûke kin foar jins belangen, dan moat men se ek sa gau mooglik wer fan jin ôfskodzje. En sa is de wrâld dan ek ien grut machtspul.

Allinne om dy reden is it al hiel nijsgjirrich om yn ferkiezingstiid de kampanjes wat te folgjen. De debatten, de grutte wurden en de retoryk dy't dêrby heart; de beloftes en tasizzings dy't dien wurde; listlûkers dy't har útsloovje om mar by it publyk yn de smaak te fallen.

It is bytiden kostlik om nei dit spultsje te sjen. Ien en al ear en reewilligens is it. Mar sa gau 't se op it plús sitte, dan ken men se net wer. Gjinn ferkearde minsken binne it, mar it binne dan wol hiele oare. Want wat is it ferskil, sa kin men jin ôffreegje?
Ik tink: macht. In bytsje macht.

Mar fansels echt ferkeard giet it, as minsken alle macht nei harsels talûke. As minsken dwaan kinne wat se mar wolle, sûnder dêryn korrijearre te wurden. In diktator is ommers ien dy't sels útmakket wat goed en wat kwea is en dy't dêrby gjinn krityk ferneare kin. Yn in diktatuer wurdt oan alle krityske lûden dan ek it swijen oplein. En tsjinstberens oan it folk, dat komt wol op it alder-, alderlêste plak. Want it folk is der foar de hearsker en net oarsom. Ik tink dat wy yn de diktator in karikatuer sjogge fan de minske dy't wêze wol lykas God.

En yn it gewoane, deistige libben?
Ik tink dat macht in hiele grutte rol spilet yn de minsklike ferhâldings en minsklike kontakten. Der binne yn it maatskiplike ferkear ommers alderhande rangen en posysjes. En it is ôfhinklik fan jins rang en posysje wat men sizze kin en wat net. Ek dat hat mei macht te krijen. Fansels witte wy allegearre wol dat der gesach wêze moat. Der moat no ienkear lieding wêze en der moatte besluten nommen wurde. Leafst troch kundige minsken. En wy witte ek wol dat minsken dy't ferantwurdlikens drage in bytsje macht en sizzenkip ha moatte. Earmslach, mandaat en romte om de dingen te dwaan dy't dien wurde moatte.
Macht hat dus te meitsjen mei it dragen fan ferantwurdlikheid. Mei it doel om tsjinstber te wêzen. Dat is in bibelske gedachte. Adam krige ommers de opdracht om de hof, de ierde, te beâarbeidzjen en om derop te passen. Hy krige ferantwurdlikheid.

It antwurd fan Jezus

Dêr giet it yn Markus 10, yn dat petear fan Jezus mei syn learlingen, ek oer. De learlingen hawwe it oer de fraach, wa fan harren de foarnaamste is en wa't de wichtichste posysje ynnimme mei. Jezus wiist har der dan op, hoe't de liederen en de heage hearen der trochstrings op út binne om baas te spyljen. 'Mar sa is it by jim net', siet er. 'Dy't by jimme grut wêze wol, dy moat tsjinje. Dy't by jim de earste wêze wol, moat foar elkenien klear stean.' En dan wiist er op himsels en seit er: 'De Minskesoan is ommers net kommen om betsjinne te wurden, mar om sels te tsjinjen'.
Dat is in hiele wêzentlike gedachte.

Ik haw it idee dat in minske hiele sterke skonken ha moat om op de goeie wize om te gean mei macht en sizzenkip. It is bytiden ferbjusterjend om te sjen, hoe faak oft dat mislearret. Want it binne fakentiids de wat miterige persoanen, minsken sûnder in protte djipgong en ynderlike beskaving, dy't harsels mar al te graach omheech wrotte (konnesksjes, konnesksjes), har op de foargrûn kringe en de lekkens útdiele wolle. En o wee dejinge, dy't it lef hat om har tsjin te sprekken of te ûntmaskerjen. Want dat lêste, dêr binne se o sa bang foar. Macht is in gefaarlik ding. Want as macht brûkt wurdt om de macht sels, dan wurket dat ferfrjemdzjend.

Mar in minske dy't sterk yn de skuon stiet, dy wit wat syn ropping is en syn ferantwurdlikheid, dy is himsels ek bewust fan dat systerjende lûd fan dy slange. En dy wit de boadskip: tink derom, do bist roppen om de ierde te beâarbeidzjen en om derop te passen. Mar dy iene beam, dêr moatst fan ôf bliuwe. Do bist minske en dêrmei is it dyn opdracht om minske te wêzen. En om as minske te harkjen nei de wurden fan God. En do hast te harkjen nei de wurden fan Jezus, de Soan fan God, de Minskesoan, dy't sein hat: 'Ik bin hjir net kommen om te hearskjen, mar om te tsjinjen'.
Amen.

Rienk Klooster

Joadske spreuken

In wurd is as in fûgel: men kin him net mear fange as er jin ûntkommen is.

Net by steat wêze ta entûsjasme is in teken fan midsmjittigens.

Studearje sûnder tinken is idel;
tinke sûnder studearjen is gefaarlik.

De fouten fan grutte minsken binne in treast foar domkoppen.

Ast dwaande bist mei it plantsjen fan in beam en se sizze tsjin dy: 'Dêr is de Messias!', plantsje dan earst de beam en gean dan op paad om him te ûntfangen.

Sa't wetter it antlit wjerspegelet, sa wjerspegelet it hert fan de minske de minske.

Sykjend fynt men de goeie rjochting, wachtsjend komt men nearne.

Ympresjes fan in reis nei Sina

Fan 7 oant 26 oktober wiene wy op reis yn Sina. As wy de dagen fan de hinne- en de weromreis derôf lûke, ha wy dus santjin dagen de gelegenheid hân om yn dat grutte lân mei syn 1,3 miljard minsken om ús hinne te sjen. De reis wie organisearre troch de SRC, in organisaasje dy't rûnom hinne kultuerreizen organisearret. Wy hiene in treflike reislieder, dy't in soad fan it lân wist en treflike ynformaasje joech oer alderhande aspekten fan Sina. Oeral dêr't wy west ha, hiene wy boppedat lokale gidsen dy't mei de pleatslike sitewaasje op de hichte wiene en ús ek op alderhande nijsgjirrige plakken brochten. Omdat wy begrepen hiene dat op guon plakken yn Sina de temperatuer wolris oan de lege kant wêze koe, hiene wy winterjassen by ús. Mar doe't wy yn de winterjas yn Hong Kong it feantúch útstapten, die bliken dat wy ús datoangeande wat fersind hiene. It wie dêr 31 graden Celsius, smoarhyt dus en o sa fochtich. Fan dat waar dat wy hjir ha yn de hûnsdagen.

Hong Kong

Hong Kong is in stêd dy't yn july 1997 oerdroegen is oan de Sineeske republyk en dy't dêrfoar 156 jier ûnder Britsk bestjoer stien hat. Dat dizze stêd in saneamde *status aparte* hat, waard ús al gau dúdlik. Men moat dêr betelje mei Hong Kong-dollars en it ferkear rydt dêr lofts. Yn de Sineeske republyk is de Yuang it betelmiddel en it ferkear rydt rjochts. It offisjele Mandaryn Sineesk waard dêr foar 1997 net



brûkt. De firtalen binne Hong Kongsk en Ingelsk. Tusken beide gebieten is sels in grinsoergong mei dûanekontrôle. Hong Kong, fanâlds in lyts fiskersplakje, bestiet út in eilân mei lyts kontinint gebied der omhinne. Om't it frijwat bercheftich is, kin mar op betreklik lyts part boud wurde. Sadwaande is der mar ien mooglikheid om al dy miljoenen minsken dy't yn dat ynternasjonale ekonomyske sintrum wenje in plak te jaan, en dat is de loft yn. It is

geweldich sa heech oft dêr boud wurdt. En deis dan komme al dy minsken út dy wolkeklauwers wei nei ûnderen en bewege har machtich as mychammels troch de strjitten fan Hong Kong. Dat is trouwens ien fan de earste dingen dy't jin opfalt yn de Sineeske stêden: it is dêr smoar en smoardrok, oeral binne kloften minsken. En wat Hong Kong oanbelanget, yn dizze stêd oan de see is it o sa hyt en brodzich. Wat fierderop as wy kamen, wat noflikker de temperatuer. Yn it noarden fan it lân wie it 8 graden, waar foar in winterjas.

Feroaring rûnom

Fan Hong Kong binne wy mei de trein nei Kanton (Kuang zu) reizge, ek in hiele grutte stêd yn it suden van Sina. Mei ferbazing ha wy sjoen wat der yn in stêd as Kanton (mar yn de oare grutte stêden net minder) wol net út de grûn stampet wurdt oan hege bouwurken. Heechbou fan fyftich oant tachtich etaazjes is dêr mar hiel gewoan. Hiele wenwiken mei tradisjonele Sineeske leechbou, de iene nei de oare giet tsjin de flakte om romte te meitsjen foar hege fabryksgebouwen, kantoaren, bankgebouwen en fansels wenromte. Ut ús hotel wei (in keamer op de 28^e ferdjipping) seagen wy rûnom en safier as it each rikte, nijbou dan wol bou-aktiviteiten. Wy hiene reisgenoaten dy't njoggen jier lyn ek yn Sina west hiene en dy fertelden ús dat se Sina hast net werkoene, sa bot wie it yn dat skoftsje tiid feroare. Om ús noch in bytsje in yndruk te jaan fan it âlde Sineeske stêdslibben, liet ús reislieder ús yn Kanton in stikmannich âlde buertsjes sjen. Dat koe noch krekt, want takom jier soe dit ek wol ferdwûn wêze. Us pleatslike gids begriep net wêrom oft wy niget hiene oan sa'n âlde wenwyk. It skynt dat Sinezen mear op ha mei de takomst. Hja wolle it ferline leafst mar sa gau mooglik efter har litte. Dat lêste is ek wol begryplik, omdat Sina oant it midden fan de njoggentiger jierren in efterbleaun gebied wie. It wie in tradisjoneel kommunistysk lân, dêr't in bytsje frijheid wie en dêr't de steat it ekonomyske libben folslein regele. Der wiene dan wol in tal foarsjennings foar elkenien, mar oeral wiene steatsbedriuwen mei in leech rindemint. Yn de steatswinkels wie net folle te krijen, it persoanlik wie ûnferskillich en foar de deistige boadskippen stie men alle dagen oerenlang yn de rige. Sûnt de kommunistyske partij him liberaler opstelde en der ek mear ekonomyske frijheid is, bloeit Sina ynienen op as in toarre woestyn nei in fikse bui reinwetter. Der is rûnom aktiviteit en

nettsjinsteande de leage leanen wurkje de minsken hurd. Elkenien dy't sûnder wurk komt te sitten moat him melde. En om in útkearing te krijen wurdt men oan it wurk set: de stêd skjinhâlde of sokssawat. De stêden yn Sina binne dan ek sûkerskjin. In leger fan minsken stiet alle dagen klear alle rommel en ek alle blêd dat op de dyk leit, op te feien. Generalisearjend kin men sizze, dat men jin yn Sina feilich fiele kin op strjitte. De minsken sjogge trochstrings fleurich en freonlik út de eagen. Fansels moat men hjir en dêr wol oppasse foar bûskestellers, mar wêr is dat net sa. Yn elts gefal foel it ús op dat der sa'n folslein oare sfear hong as bygelyks yn Ruslân. Wy ha ús de eagen útsjoen wat de minsken deroan dogge om fit te bliuwen. Sa steane oeral yn de parken fitness-tastellen, dêr't folop gebrûk fan makke wurdt, wylst oaren har yn ploechjes of allinne yn it iepenbier dwaande hâlde mei tai chi-oefeningen.

Kunming en it suden

Mei in fleantúch bin wy nei Kunming reizge, in stêd dêr't ik noch nea fan heard hie, mar dêr't wol sa'n seis miljoen minsken wenje. Dizze stêd leit yn in prachtich gebied mei saneamde 'Karstfeskynsels'. Dat wol sizze dat men fanwegens de kalkstiennen boaiem dêr hiele aparte berchformaasjes oantrefte kin: hiele hege rûne bulten, mar ek binne der hûnderten ûndergrûnske rivieren en grotten. Dêr ha wy it 'Stiennen wâld' besjoen, in parkeftich gebied mei tûzenen monoliten (huzenhege stiennen), dêr't in net te beskriuwen sfear hinget. Dêrnei bin wy wat súdliker ôfsakke nei it gebied fan de kulturele minderheden, de stêden Dali en Li Jang. De minsken hawwe dêr in frijwat dûnkerder hûdkleur as de 'gewoane' Han-Sinezen. Dizze beide stêden hawwe noch in âlde binnenstêd yn tradisjonele Sineeske styl. In soad minsken, benammen op it plattelân, drage dêr noch de tradisjonele dracht. De stêd Li Jang is in pronkje en stiet yn syn gehiel op de list fan Wrâldserfgoed.

Keizerstêd mei terracotta leger

Dêrnei binne wy nei Xi 'an flein. It wie eartiids de haadstêd fan Sina, it plak dêr't de keizers har residinsje hiene. Om 900 hinne telde de stêd, dy't op de siderûte lei, al om ende by in miljoen ynwenners en wie doe ien fan de grutste stêden fan de wrâld. De brede, monumintale stêdsmuorre om de âlde binnenstêd hinne is 18 kilometer lang. Der is gelegenheid om jin der mei in elektrysk weintsje oerhinne ride te litten, mar men kin ek



In foto fan ien fan de terrakotta soldaten

gewoan in fyts hie en it ein traapjendewei ôflizze, (lykas wy dien hawwe). Der wurdt trouwens yn Sina yn it algemien in hiel soad fytst.

Yn de buert fan Xi 'an is yn 1974 it wiidferneamde ûndergrûnske terrakotta leger ûntdutsen.

No hiene wy fan 't maityd yn it Drintsk museum yn Assen al in stikmannich fan dizze terrakotta figueren bewûndere, mar it is fansels hielendal geweldich om dit leger te sjen op it fynplak sels. It plak sels is hielendal oerdutsen mei in grutte kapekonstruksje. Dêrûnder binne de argeologen alle dagen drok dwaande mei it opgraven fan de mûnske terrakotta bylden en de restaurateurs mei de rekonstruksje dêrfan. De Sineeske keizer Qin Shi Huang (221-214 f. Kristus) hat mei it each op syn libben yn it hjirneimels dit geweldige leger fan 8094 striders en hynders yn mûnske ûndergrûnske kelders oanbringe litten.

(oare kear mear)

Rienk Klooster

In Adfintsgedachte fan Vaclav Havel

Vaclav Havel (berne 1936), skriuwer, aktivist foar minskerjochten, polityk strider en nei de fal fan it kommunisme yn 1989 in skoftlang presidint fan Tsjechoslowakije, hat de neifolgjende prachtige wurden útsprutsen oer it ferskynsel 'hoop'.

It slút alhiel oan by de kristlike gedachte fan Adfint.

Ik (RK) kaam dit stik tsjin yn it Nederlânsk, mar ik haw it ferfryske en brûkt yn de earste Adfintspreek op 30 novimber

Hoop

*Djip yn ús drage wy de hoop.
As dat net sa wie,
dan is de hoop ferflein.*

*Hoop is in kwaliteit fan de siel
En hinget net ôf
fan wat der bart yn de wrâld.*

*Hoop is wat oars as foarsizze
of foarútsjen.
It is in doelbewuste eigenskip fan de geast,
de ynderlike rjochting fan it hert
en fierder as de hoarizon ferankere.*

*Hoop
Yn dizze djippe en sterke betsjutting
is wat oars as blydskip
omdat dingen goed geane
en wat oars as ree wêze om jin yn te setten
foar dingen dy't sukses hawwe.*

*Hoop is earne oan wurkje
omdat it op himsels goed is;
net allinne
omdat it kâns fan slagjen hat.*

*Hoop is net itselde as optimisme.
Likemin as de ferwachting
dat wat men docht goed ôfrinne sil.*

*Hoop is der wis fan wêze
dat wêr't men jin foar ynset
sinfol is,
hoe't it ek ôfrint
wat it resultaat ek wêze mei.*

Vaclav Havel

De lêzing fan Dr. J.H. Laenen

Der binne guon dy't ús frege hawwe om de tekst fan de lêzing dy't Laenen op 4 novimber hâlden hat oer 'Goed en kwea yn de joadske mystyk'. De sprekker woe om persoanlike redenen de tekst net frij jaan. Uteraard is dat syn goed rjocht. Lykwols haw ik dy jûns wol iverich oantekens sitten te meitsjen, om't ik fûn dat Laenen hiele nijsgjirrige dingen nei foaren brocht. Oan de hân fan wat yn myn skrift stiet, sil ik besykje om foar ús lêzers wat wichtige punten út dit ferhaal op in rychje te setten.

De sprekker hat earst útlein wat neffens him in mystikus is. Dat is ien dy't út syn leauwen wei fragen stelt oer de sin fan it libben. Hy freget him ôf wêrom oft de dingen barre lykas se barre, om't er fernimt dat der in kleau is tusken dizze wrâld en de wrâld fan God. Hy wol dêr in brêge oerhinne slaan en besykje om de sin fan it bestean bedjipje te kinnen. Sadwaande kin mystyk by elkenien hearre.

De joadske mystyk hat syn woartels yn de Tora, it Alde Testamint. De joadske mystikus freget himsel ôf: wa is de Abraham, de Moazes ensfh. yn jinsels. Allyksa is foar him de úttocht út Egypte in ynderlik proses. Elk momint kin men om samar te sizzen befrijd wurde út Egypte, yn de woestyn bedarje, dan wol yn it beloofde lân oankomme.

Ien fan de grutte fragen, ek yn it joadendom, is de fraach nei it kwea yn de wrâld. It is opfallend dat dêr oars mei it kwea omgien wurdt as yn it kristendom. Binnen it kristendom is der in minne ferhâlding mei it kwea. It kwea is dat aaklike en tsjustere ferskynsel dat der eins net hearde te wêzen. Yn de joadske tradysje dêrfoaroer hat men der krekt each foar dat it goede net bestean kin sûnder it kweade. De minske moat de frijheid en de romte ha om fouten te meitsjen. Oars sil men it goede net berikke kinne. It libben is in learproses. En yn dat learproses kin it net oars of de minske makket troch syn ûnkunde of wat dan ek de nedige misslaggen en útglieders. It soe abnormaal wêze as dat net sa wie. It meitsjen fan fouten heart gewoan by it libben. Fan jins fouten leart men en sadwaande kriget it ferkearde in sinfolle funksje yn it libben fan de minske. It libben is ien grut learproses. In wei is it dy't men giet mei fallen en oereinkommen. Goed en kwea sitte sadwaande altiten ynelkoar betize, hiel yngewikkeld en paradoksaal. It kwea is neffens it joadendom in wêzenlik ûnderdiel fan de skepping en blykber hat God it sa wollen. In joadske mystikus soe dan ek sizze: Gean hinne, sûndigje en wurd sillich!

Rienk Klooster

Adressen fan it Wurkferbân

Dr. Rienk Klooster, redaksje
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert
Till. (058) 251 94 25
E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl

Tine van Minnen, skriuwster/redaksje
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Till. (0511) 40 85 56 / 06-20600409
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Oare bestjoersleden:

Drs. Y. Hiemstra, foarsitter fan it wurkferbân
E-post: yvhiemstra@hetnet.nl

D. den Hoed (0511) 53 95 58

J. Landheer (0511) 53 97 23
(tsjerkeriedslid, ponghâlder)

M. v. d. Molen (0511) 53 93 14
(tsjerkeriedslid)

G. Kobus (0511) 52 15 82

G.M. Bergsma (0512) 37 17 07

A. de Vlas (0511) 53 93 13

G. Wester-Herder (0511) 53 92 08

A. Veldboom (0511) 53 92 86

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld:
Rabo Burgum e.o.: 34.98.14.058

In tsjinst oer it Heechliet

Snein twa novimber wie der in besûndere tsjinst yn de Herfoarme tsjerke fan Earnewâld.

Al rom foar healwei tsienen siet it lytse tsjerkje oant en mei it lêste plakje fol, mar gelokkich koenen der nog wat stuollen byset wurden, sadat net ien werom stjoerd wurde hoegde.

It bysûndere yn dizze tsjinst wie it optreden

fan it selskip fan sanger Gerrit Breteler, sjongeres Geziena van der Zwaag en muzikaal begelieder Gerrit Hager.

De foargongster dizze moarn wie Yvonne Hiemstra, sy hâlde har oertinking oer stikken út it Heechliet, dêr't twa jonge minsken yn

dichterlike foarm de leafde en it oantreklike en moaie lichem fan har leafste beskriuwe.

Net mis te fersteane passaazjes út dit

bibelboek, wat eartiids, by it tradisjonele

bibellêzen oan tafel noch wolris oerslein waard.

Mar Yvonne gong net oan de essinsje foarby,

krekt de betsjutting fan leafde en it genietsjen

dêrfan wist se prachtich te ferwurdzjen

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

De ienfâld fan de twa sjongers, Gerrit mei syn dûnkere en sa werkenbere stim en Geziena ek yn har solo, lieten in o sa harmonieus lûd hearre yn it Earnewâldster tsjerkje.

Foaral ek de goed by it tema passende teksten, sprutsen eltsenien oan.

Koartsein: in moaie tsjinst dy 't dan ek ôfsletten waard mei in wolmiend applaus foar

muzikanten en foargonger!

Neitiid in kopke kofje drinke bij kafee Rinskje

Wester makke dizze sneintemoarn wer ta in dei mei een gouden rantsje.

Sa'n ûnderfining jout ek it bestjoer fan it FOWE de stipe om ris faker tsjinsten te organisearjen, dy't wat oars as oars binne.

Age Veldboom

Foar mear ynformaasje oer Gerrit Breteler, syn muzyk en syn skilderjen, sjoch:

www.gerritbreteler.nl

As jo dit strookje weromstjoere, krije jo it earste jier in fergees abonnemint op ús nijsblêd 'De Earn'

Nei it earste jier kostet it abonnemint € 10 yn it jier.

Namme :

Bertedatum:

Adres :

Postkoade :

Wenplak :

Tillefoan :

Opstjoere nei ien fan de yn dizze Earn neamde adressen.

Fia E-post kin ek. Jou jo gegevens dan troch oan:

tine.vanminnen@kpnplanet.nl